

Augustinessen hienen mar koart skoft

in kleaster yn Starum

Fryske kleasters

Der hawwe yn Fryslân wol om ende by fyftich kleasters west, neffens gegevens fan de histoarikus Hans Mol fan de Fryske Akademy. Starum hat, behalven it ferneamde kleaster fan Sint Odulf, ek noch in Augustinessenkleaster hân. Dat wie om 1500 hinne.



It Augustinesseleaster, dat oan de grêft efter de grifformearde tsjerke stien hat.

Tekening Jeannette Héman

in kleaster yn Starum

Troch Kerst Huisman

DER STIET NO in skoalle, en sels de Kleasterstrjitte, dy't noch op âlde stêdskaarten foarkomt, is der net mear. In rychje beammen jout om ende by it plak fan dy âlde Starumer strjitwei oan. De grêft, dêr't it Starumer Augustinessenkleaster ienris oan lei, leit efter de huzen ferskûle en der is ek gjin trochgeand paad mear. Dit part fan it rike ferline fan Starum is wol foargoed ûnder de grûn wurke.

Wa't it oer it ûnderwerp 'kleasters en Starum' hat, tinkt altyd earst oan it ferneamde kleaster fan Sint Odulf. Dat is yn see ûndergien. It hat stien ûngefear in kilometer westlik fan de Starumer haven fan hjoeddedei, yn de Iselmar dus. Der lei op it plak eartiids in grouwe bulte stiennen. Dy stiennen binne der yn 1981 troch Rykswekkersteat weibagge-re. It is o sa spitich dat der doe net in argeologysk ûndersyk west hat. Want it gyng hjir om ien fan de âldste en wichtichste kleasters fan Nederlân.

Mar oer dat kleaster hawwe wy it alris hân. Starum hat nammentlik ek noch in oar kleaster binnen syn muorren hân: it kleaster fan de Augustinessen. Dat hat mar in trije fearnsieu bestien, mar de skiednis derfan is nijsgjirrich omdat dy skiednis nau ferbûn is mei de histoarje fan de stêd Starum.

De Augustinessen libben neffens de rigels fan de tsjerkherfoarmer Aurelius Augustinus (354-430). Der bestienen binnen de Fryske Augustinekleasters twa streamingen. De âldste wie dy fan de Augustiner koarhearen. Harren earste kleaster wie Lúntsjerk, dat yn 1157 fanút de abdij Rolduc yn Limburch stifte waard. De koarhearen wijden har oan earetsjinst en stúdzje. Hja libben fan de opbringsten fan de kleastergrûn. Mar binnen de kleasteroarder ûntstie ûntefredenheid oer de útlis fan wat Augustinus skreaun hie. In ieu letter skate him dêrom in nije oarder ôf, dy fan de Augustiner hearremiten, dy't folle stranger yn de lear wienen. Hja libben as kluzeners.

De earste groep krige ek froulike neifolgers. De âldste kleasters, dy fan de Augustiner koarhearen, stienen op it plattelân. Doe't der in oarder foar froulju kaam, waarden der op it plattelân ûnderôfdielingen foar nonnen oprjochte, as dûbelkleaster fan de mánljuskleasters. Doe't de stêden opkamen, kamen der ek Augustiner kleasters yn de stêden. Yn de lánkleasters libben de muontsen en letter ek nonnen fan it grûnbesit. Yn de jongere stêds-kleasters bestienen de bewenners en bewensters fan hânarbeid.

It Starumer nonnekleaster kaam der let. It waard stifte yn 1474. It hearde ûnder de kleasters fan Lúntsjerk en Eanjum. De susters libben fan weverij. Yn 1549 is it kleaster foar it grutste part ôfbarnd. It is inkelde jierren letter opgien yn Bethanië by Tsjommearum. Der is in tekening fan de kapel fan it kleaster út de santjinde ieu, dat wy witte wol ûngefear hoe't it kompleks der útsjoen hat.

It Frouwesân, in ûndjipte yn de Iselmar súdwestlik fan Starum, soe syn namme wolris ûntliend hawwe kinne oan it lânbesit fan in frouljuskleaster. Dat lân soe dan earst it Frouwelân neamd wêze en de namme Frouwesân krigen hawwe, doe't it yn see ûndergien wie. Mar dat kin hast net dit Starumer frouljuskleaster west hawwe.

Yn 1474 wie nammentlik de site-waasje hjir net mear sa, dat dat Frouwelân doe noch folle te betsjutten hie. As hjir al kleastergrûn lein hat dan sil it eigendom west hawwe fan it Benediktinessekleaster yn Himmelum, dat ûnder de abt fan Starum stie.

It is wol wis, dat der yn de fyftjinde ieu westlik fan Starum noch frijwat lân lei. Der binne inkelde boarnen, dy't dat oantsjutte. Sa is der in akte út Hollân út 1325, dy't seit, dat Willem III it 'scout-ambocht' 'van den diken ende van den gheeste benoirden zente Odulfs Cloester van Stavoren' oan Thideman Ghelmaerssoen út Starum jout. Der lei dus yn 1325 benoarden it kleaster noch in stik heech lân, in flink stik bûten Starum nei it noardwesten de Sudersee yn.

Dat it opromjen troch de see fan dat âlde hege lân fan balstienliem en sân hiel wat jierren yn beslach nommen hat, docht bliken út in tal histoaryske feiten. Doe't Willem IV fan Hollân en Henegouwen yn 1345 Fryslân binnenfoel, lâne er benoarden Sint Odulf en gyng oer de seedyk op it kleaster ta. De swierste striid spile him ôf by it kleaster. Dêr is no it wetter fan de Iselmar.

Om 1400 hinne tsjinne it kleaster of wat derfan oer wie noch as fort en doe't de Friezen yn 1414 Starum wer yn hannen krigen, besleaten hja it kleaster net wer op te bouwen, mar it oer te pleatsen binnen de stêd. Der is in ferhaal dat op it tsjerkhôf fan Sint Odulf in grutte berch bonken lei. Dat wienen de resten fan dejingen dy't yn 1345 sneuvele wienen. Dy bonkeberch hat der noch lang lein. Doe't Karel V yn 1523 syn macht oer Fryslân festige hat er dy bonken opromje litten. Dat betsjut dat der oant nei 1500 noch resten fan it âlde lân bewesten Starum oanwêzich west hawwe. Mar as kleasterbesit sil it doe net botte oantreklik mear west hawwe.